STEATEKOMMISJE BOARGER EN MIENSKIP

Ferslach fan de gearkomste op 10 oktober 2007 yn it Provinsjehûs

Oanwêzich:
De kommisjeleden:
J. From (CDA), foarsitter, A. Autar (PvdA), G. Benedictus (CDA), Y. de Boer (ChristenUnie), mefr. G.L. van Duinen (PvdA), mefr. I. Groeneveld (GL), A.B. Van der Ham (CDA), mefr. S.L. Hosman-Benjaminse (VVD), mefr. F. Hijlkema (PvdA), mefr. E. Keizer (CDA), R.H. Klerks (SP), A. van der Kolk (SP), T. van Mourik (VVD), E. Nijboer (CDA), mefr. F.H. Reitsma-Hazelhoff (CDA), mefr. A. Toering (FNP), mefr. M.M. van der Veen (PvdA).
De amtners:
Mefr. J. Wiarda (sekretaris), mefrou Van Unen (haad ôfdieling soarch en wolwêzen)
Foar it kolleezje: mefrou J.A. de Vries
Ôfwêzich mei berjocht: De deputearre mefrou C. Schokker-Strampel
Ferslach: J. Heida/ R. De Groot.

[...]

02. Taalnota 2008 – 2010 'Fan rjocht nei praktyk: Frysk yn Fryslân, taal tusken minsken'

Der is ien ynsprekker foar dit punt en dat is de hear T. Dykstra fan it FFÛ. Syn bydrage is yntegraal opnommen as bylage by dit ferslach. It grutste gemis is neffens de hear Dykstra in fûnemintele fisy op in kromwoeksen realiteit en hy bidet de foarsitter in papieren eksimplaar oan fan syn 'Oanfalsplan'. De leden fan de kommisje ha al in digitale ferzje hân. De foarsitter nimt it yn ûntfangst en jout de leden de gelegenheid om fragen te stellen oan de ynsprekker.
Yn in earste réaksje seit de hear Van Mourik (VVD) dat de fraach om mear ûndersyk ek al yn de nota fan de provinsje stiet.
De hear Benedictus (CDA) is benijd nei it Sintrum foar Fryske taal en Kultuer dat Dykstra bepleitet. Is dat wat nijs of moatte de besteande organisaasjes lykas de Afûk en de Fryske Akademy dêr yn op gean?
De hear Van der Kolk (SP) vraagt zich af of het onderwijs werkelijk niet goed zijn best doet. Ligt de oorzaak hiervan ook niet buiten de school of in Den Haag?
Mefrou Toering (FNP) freget of de doelen dy't hy stelt foar de langere termyn binne of de kommende trije jier. Sy hat gjin stik ûntfongen.
Mefrou Van Duinen (PvdA) fynt it in hiel goed stik dat Dykstra makke hat. It is de muoite wurdich om nochris mei syn allen der oer te praten.
De hear Dykstra seit dat syn fersyk om ûndersyk fierder giet. It is in ploech wittenskiplik oriïntearre minsken dat it oanfalsplan skreaun hat en dy binne benijd nei oarsaken en gefolgen. De analyze fan de maatskippij is noch hieltiden net genôch. Fierders is it Taalsintrum net in ferfanging fan besteande organisaasjes. It is foaral fan belang dat der in goede oanstjoering fan dy organisaasjes komt. En wat it ûnderwiis oanbelanget: yn it lêste ynspeksjerapport stiet dat skoallen yn Fryslân gemiddeld 45 minuten yn de wike Fryske les jouwe. De kearndoelen wurde op gjin stikken nei helle. De provinsje kin dit better regelje as Den Haach. Wy moatte yn it algemien net te benaud wêze om dingen te ferplichtsjen. Allinnich fan ûnderop is net genôch. De Fryske polityk moat de earste stap sette. Delgong fan in taal is gjin natuerwet mar it gefolch fan politike aksjes. Dat jildt ek foar it bystellen dêrfan.

As der gjin fragen mear binne krije de fraksjes de gelegenheid om harren réaksje te jaan en dêrnei komt de deputearre oan it wurd.
Mefrou Van Duinen (PvdA) is te sprekken oer de foarlizzende nota. Der is omtinken

foar alle mêden. Foaral de thússitewaasje fynt sy wichtich en de 3-talige skoalle is in grutte takomst. Se is benijd of de deputearre ree is om noch ris te praten oer it stik fan de hear Dykstra. Yn alle gefallen hat dizze nota har folsleine ynstimming.
De hear Benedictus (CDA) freget him ôf oft it nóch better kin. Fan de foarrige taalnota binne in tal doelen net berikt. Wat kinne wy dêrfan leare? En wat kinne wy leare fan oare lytse talen? Ha wy hjir de boel wol goed organisearre? Wurde de betingsten wol goed dellein by de rekreaasjesektor en it MKB? De ekonomyske wearde fan it Frysk soe mear foar it fuotljocht brocht wurde moatte. De jiertallen dy't neamd wurde binne net like konsekwint: 2010 of 2015? Der stiet dat wy lid wurde fan de European Society for Linguistic Diversity of soksawat, mar der is ek in FUEN. Wat kin dat dwaan? Ta beslút fynt hy dat der in soarte fan Taalwacht ynstallearre wurde moatte soe, dy't organisaasjes op de fingers tikke kin. Net fan de oerheid út, mar fan de kant fan de ynsprekkers. Dat de maatskippij wat aktiver reagearret op dingen dy't net yn de heak binne.
Ek de hear De Boer (ChristenUnie) fynt it in goede nota. Dat der hjir en dêr in taalflater stiet jout ek oan dat it minskewurk is. Hy fynt de analyze op side 9 wat oan de meagere kant. "Net cool" is in kwestje fan wol kinne mar net dwaan. Hy mist ambysjes foar oare streektalen, in snuffelkursus foar Nije Friezen en sifers oer gebrûk fan Frysk yn de soarch. Hy fynt wol dat oppast wurde moat mei (te) folle promoasje fan it Frysk yn bygelyks de swangerskip faze. Soks kin ek negatyf wurkje. Fierders soe hy mear omtinken foar it Frysk yn tsjerken ha wolle en is hy benijd nei it taalbelied fan de ROC's.
De hear Van Mourik (VVD) is tsjin in taalplysje, dat wurket averjochts en komt mei in foarbyld út Quebec. Minsken moatte út harsels, út leafde foar it Frysk kieze. Geveltsjefrysk moat ek foarkommen wurde. In "swolch en byt" (hapje en drankje) fynt hy oerdreaun. Mar goed, it is in prima nota, it binne kontrolearbere doelen, de VVD kin him wol fine yn 99% fan de doelen. Wol is it bytiden net hielendal dúdlik yn hoefier 't de doelen no helle binne. Oantallen sizze ek wolris mear as persintaazjes. Soe dêr ek yn foarsjoen wurde kinne? Hy fynt ek dat it tal VWO-kandidaten ôffalt, dat it tal âlden achterbliuwt en dat it tal studinten Frysk achterbliuwt. Hat de deputearre dêr in ferklearring foar? De doelstelling dat 35% neffens eigen sizzen Frysk skriuwe moatte kin is aardich ambisjeus. En de doelstelling oangeande de gemeenten: hat de deputearre oanlieding om te leauwen dat yn 2010 12 Fryske gemeenten Frysk mei inoar skriuwe? By de gearwurking mei Grinslân en Drinte wurdt sprutsen fan "oandacht foar streektalen": Is dat it Frysk? Fiif prosint fan de bedriuwen moat in Frysktalige webstek ha.
No stiet it Ingelsk yn de regel tichter by bedriuwen as it Frysk. Der binne bedriuwen dy't in hûs hiere yn Zaanstad om oan te jaan dat sy dêr fêstige binne. Dan krije se makliker klanten út Hollân. Hoe is dizze doelstelling ta stân kaam? It is wol wichtich dat as minsken âld wurde en yn it sikehûs telâne komme, dat sy harren mei it Frysk rêde kinne. Besiket de deputearre om oan te heakjen by besteande kontrole-ynstânsjes as se praat oer de selsevaluaasje fan it ûnderwiis. En ek wat it toerisme oanbelanget: wy moatte der foar wake dat wy al te driuwerich oerkomme. Ta beslút wol hy noch witte wat it Fryske taalbelied betsjut foar de formaasje op it provinsjehûs. Hy sit sels yn de wurkgroep foar it Frysk yn de Grûnwet, mar mei wol kritysk wêze.
Neffens mefrou Toering (FNP) ha wy al in hiel soad taalplysje yn Fryslân. Dy ferbidet bern Frysk te praten op skoallen, gemeenten om it Frysk te brûken, toetsing dy't yn it Hollânsk is. In hiel soad bern wurdt ôfleard om Frysk te praten en er grutsk op te wêzen. De FNP is wiis mei dizze nota, mear minsken der by behelje, klam op it sichtber meitsjen. Yn de evaluaasje stiet dat 53% helle is. Is dat genôch, ha wy tefolle lizze litten? Har falt op dat de doelen hiel bot op de befolking rjochte binne, mar de aksjes net. Doel en útfiering spoare net. Wêrom 2010 as eindatum? En it is spitich dat it "Language Board" net opnommen is.
De heer Van der Kolk (SP)heeft aan de gedeputeerde dezelfde vraag als aan de inspreker: Waarom loopt het onderwijs achter? Komt dat door Den Haag?
Het onderwijs heeft al met veel problemen te kampen. We moeten oppassen om mensen teveel op te leggen al is de SP wel positief tegenover het stimuleren van het

Fries. Meer Fries in de kerken, dan ook meer Fries in de moskee?
Mefrou Groeneveld (GL) fynt it in goede útnoegjende nota. Sy wurdt leaver ferliede as twongen, mar it mei ek wolris knelle. Dêr wurde minsken kreatyf fan. Se stipet it foarstel fan Van Duinen om mei inoar yn petear te gean oer it “Oanfalsplan”. En as wy serieus binne oer Frysk as funksje-eask yn iepenbiere organen, wat te sizzen fan in fryskpratende CdK? Yn de foarige perioade is in moasje oannaam oer Frysktalige gearfettings by Hollânsktalige nota’s en Hollânsktalige gearfettings by Frysktalige nota’s. Hoe sit it dêrmei?

De foarsitter last in skoft yn fan 10 minuten.

Nei it skoft hat de foarsitter in blomke foar Femke Hijlkema omdat it har jierdei is. Ek de hear Autar hat in blomke foar har en lokwinsket har út namme fan de fraksje. Dan is it wurd oan deputearre De Vries.
Yn earste ynstânsje seit se dat se wiis is mei it brede draachflak dat yn de kommisje bestiet foar dit belied. It makket it in stik makliker om sa mei oare organisaasjes om tafel sitten te gean. Dêrneist ek de kompliminten oan de amtlike organisaasje dy’t fan ‘e simmer hurd wurke hat om de nota klear te krijen. Dan de fragen:
It rootstoerisme dêr sille wy nei sjen, wy tinke beslist dat dêr in merk leit. Dan de publisiteitskampanje: Dêr binne wy mei oan de slach, wy begjinne aansen mei in pilot yn Tytsjerksteradiel. Ek it idee fan de coming out sit der yn. It “Oanfalsplan” is nij foar har, mar miskien is it in idee om in expertmeeting te organisearjen yn de mande mei de Fryske Akademy.
Wat kinne wy leare fan doelen dy’t wy net berikt ha? Bygelyks oangeande de jonge âlden en de soarch besykje wy dat te dwaan. Dat stiet ek yn de evaluaasje. Fierders besykje wy ek safolle mooglik te learen fan it bûtenlân. Yn Mercator komt in soad kennis by inoar en it doel is om ús oan te sluten by it Network for Linguistic Diversity. Dêr giet it FUEN ek yn op.
Ferskillende minsken ha ek frege nei de yntegraliteit fan it belied en benammen op it mêd fan rekreaasje en toerisme kin dat better. It jiertal 2010 hat te meitsjen mei de Bestjoersôfspraak.
It stikje oer de doelgroepen op side 9 stiet yndie wat koart troch de bocht. In soad doelen binne kwantitatyf steld. It ien kin net sûnder it oare, mar kwaliteit freget oar soarte ûndersyk. Wy wolle no krekt mear kapasiteit rjochtsje op útfiering, en net mear nei ûndersyk. Der is genôch ûndersocht, no is útfiering oan bar. Dat is in dúdlike aksint ferskowing mei eardere nota’s. Fierders is de Afûk dwaande mei in Snuffelkursus en dy wurdt ek oanbean by it rêchsekje taal. It meinimmen fan streek- en stêdstalen sil fansels ek plakfine. De sifers oer it gebrûk fan it Frysk yn de soarch hat de deputearre net paraat, mar seit ta dizze ta te stjoeren. It kolleezje wol krekt wol besykje safolle mooglik de jonge âlden te benaderjen en te ferlieden de taal oer te dragen. It binne 8000 kânsen. It wurdt wol hiel soarchfâldich dien. Frysk yn tsjerken leit bûten de skoop fan de provinsje en wat de ROC’s oanbelanget: de deputearre sil ynkoarten mei de skoalbestjoeren om tafel.
En dan de Taalwacht/-plysje. Wy sitte no yn de faze dat wy it Frysk safolle mooglik sjen lite wolle, dat we it brûke wolle. Dat âlden kinne sels oan skoallen freegje hoe’t it stiet mei it Frysk. Dy beweging wolle wy stimulearje. 33% groei is realistysk omdat it kolleezje grutte kânsen sjocht foar de trijetalige skoallen. Der binne goede risseltaten mei boekt. In grut tal skoallen wolle trijetalich wurde. Dy wolle gebrûk meitsje fan Boppeslach. It ûnderwiis wol dus graach, mar der binne mear oanfragen as mooglikheden. Ek nei Den Haach ta makket dit ús ferhaal sterker. Der is beslist in opgeande line te pakken yn it ûnderwiis. It wurdt geweldich wurdearre dat de provinsje dit sa stipet. It is ek in ympuls fan 10 miljoen. De skoallen wolle de bal no graach ynkoppe. Wat noch wol in punt fan soarch is: hoe geane wy om mei de skoallen dy’t op de wachtlist steane?
It Frysk is net neamd yn it oerlis mei de noardlike provinsjes omdat it Frysk al sa’n fêst plak hat, dat hoecht net neamd te wurden. It wurdt ek troch oare deputearren droegen.

Der binne seis dekonsintrearre rykstsjinsten yn Fryslân en wy geane mei alle seis yn petear.
Wat de selsevaluaasje oanbelanget yn it ûnderwiis: wy wolle oanheakje by besteande ynstânsjes, der wurde gjin nije betocht.
Mei it bedriuwslibben begjinne wy yn Fryslân, wy tinke dat we dy 5% dêr wol helje.
De formaasje is net feroare. It is oardel oant twa fte. Dat is net safolle. Wat wichtiger is dat it ek meinommen wurdt op oare beliedsfjilden. De gewoane beliedsmeiwurkers nimme it Frysk mei as dat kin. Dy ha net in spesifike “zendelingfunctie”. Der binne noch wol 75 “taalomtinkers”, dy hâlde yn de gaten as de gearfettingen wol yn it Frysk binne (of oarsom). Dy dogge dat neist harren gewoane wurk.
De skoare fan 53% is net genôch, wy sette no ek fierder stappen om ta in heger resultaat te kommen.
It Languageboard soe no in struktuerdiskusje opleverje ynstee dat wy no projekten út de wei sette kinne. Op foarhân wurdt dêr gjin enerzjy ynstutsen.
2010 hinget gear mei de bestjoersôfspraak.
De provinsje makket safolle mooglik gebrûk fan Europeeske middelen. De gegevens dêroer binne wol bekind. Dêr is ek krekt in rapport oer ferskynd. Bygelyks mei Mercator meitsje wy dêr gebrûk fan.
De deputearre jout de suggestje oan de inisjatyfnimmers om in expertmeeting te organisearjen nei oanlieding fan it ‘Oanfalsplan’. It is gjin tasizzing om it sels te dwaan.
De heer Van der Kolk (SP) vraagt of de provincie niet wat actiever beleid kan voeren en organisaties die met goede ideeën rondlopen meer van dienst te zijn.
De deputearre seit dat dy organisaasjes gewoan wol by de provinsje oankomme kinne.
Der leit al fan alles klear, mar it moat wol fan ûnderop komme.
De hear De Boer (ChristenUnie) freget him ôf wêrom’t de provinsje har wol op it privee-gebied fan it gesin bejout om jonge âlden te ferlieden ta it Frysk en dat net oandoart by de tsjerken.
De hear Van Mourik wiist der op dat der noch nea in kabinet west hat dat sa maklik oer de drompel fan de foardoar fan it gesin stapt om dêr by te stjoeren.
De deputearre bliuwt der by dat der genôch mooglikheden binne en dat tsjerkeminsken har by de provinsje ferfoege kinne. De provinsje hoecht net sels aktiver dingen bekind te meitsjen. De minsken moatte der sels mei komme. Dan wurdt de fraach wol honorearre.
Nei oanlieding fan in fraach fan de hear Benedictus seit de deputearre dat sy der fan út giet dat it resultaat no heger wêze sil as dy 53% fan de foarige kear. Dêr wurde de aksjes op set en dêr binne de doelen ek op makke. Elk jier komt in rapportaazje oer de stân fan saken.

De foarsitter konkludearret dat der gjin fragen mear binne en freget oft der behoefte is oan debat. Dy is der.
Mefrou Toering (FNP) seit dat, no’t der safolle oanfragen binne foar de trijetalige skoalle, de ambysje eins wol omheech kin. De skoallen dy’t op de reservelist steane, soene nei foaren helle wurde moatte.
De hearen De Boer (ChristenUnie) en Benedictus (CDA) fine dat in goede foarset. It soe in slach foar it Frysk betsjutte. De hear Benedictus fynt fierders dat as bedriuwen sizze dat it Hollânsk harren fiertaal is, dat de Taalwacht dan útleit wêrom’t se ek hiel goed Frysk brûke kinne.
De hear Van Mourik (VVD) wiist op in bedriuw yn Ljouwert dêr’t 60% fan de meiwurkers allochtoan is en dêr’t ôfpraat is dat de fiertaal Hollânsk is (en dus gjin Turks, Poalsk, Senegaleesk of wat dan ek). Dat bedriuw hat dêrfoar in yntegraasjepriis krigen.
De heer Van der Kolk (SP) oppert of een gesprek met het MKB niet handig zou zijn.
De hear Benedictus (CDA) fynt dat in goed idee.
Neffens de hear Van Mourik (VVD) is dit in hammerstik al bliuwt hy der wol by dat der mear studinten (vwo, hbo, wo) kieze moatte soenen foar it Frysk. Mei in pear jier

soenen dêr resultaten te sjen wêze moatte. Hy soe dêr graach ek regelmjittich sifers oer sjen wolle.
Mefrou Toering (FNP) slút har dêr wol by oan, mar fynt dat de keale sifers te min sizze.
De beheiningen om Frysk te kiezen binne grut. As bern studearjen gean komme se der achter dat se gjin Frysk leard ha. Dy beheiningen soenen bekind wêze moatte. Elk bern hat it rjocht om twatalich op te groeien.
Mevrouw Groeneveld (GL) stelt voor om als commissie een expertmeeting te houden.
Die moet dan gaan over het 'Oanfalsplan'.
De FNP, de PvdA en de SP vinden de voorliggende nota een bespreekpunt.
De foarsitter seit dat it as besprekpunt werom komt yn de steaten.

[…]

Bijlage

Foar de Steatekommisje Boarger & Mienskip, gearkomste 10-10-2007

Ut namme fan de leden fan de wurkgroep Oanfalsplan Frysk,
drs. T. Dykstra, foarsitter ***Feriening Frysk Underwiis***

Foarsitter, achte leden,

Hjoed stiet it nije taalbeliedsplan 'Fan rjocht nei praktyk, 2008-2010' op de wurklist. Wy binne der wiis mei. It is in flinke ferbettering ferlike mei de konseptnoata 'Better sichtber, mear fertroud', ek troch de finansjele paragraaf. Us eardere opmerkings – yn 'e mande mei de Ried fan de Fryske Beweging- en ek dy fan oaren binne ferwurke en publisearre.
Yn de foarlizzende noata 'Fan rjocht nei praktyk' binne goede ambysjes te finen foar de provinsjale oerheden, foar soarch en wolwêzen, de foarskoalske opfang, it ûnderwiis en de ynformaasje- en kommunikaasjetechnology. Wy hoopje dat se wiermakke wurde yn de kommende trije jier.

Dochs freegje ik jimme omtinken no foar in bydrage fan in ploechje fan seis minsken út ferskillende Fryske organisaasjes, dy't sizze dat wy der mei it útstelde taalbelied op de wat langere termyn noch lang net binne. Minsken dy't harren lykwols noch grutte soargen meitsje. Minsken dy't sizze dat der hjoed de dei ek goed neitocht wurde moat oer de tiid nei 2010. Want mei 'Fan rjocht nei praktyk' en de noata's en plannen dêr't nei ferwiisd wurdt, kin noch lang net in foldwaande antwurd jûn wurde op de grutte gefaren dy't ús taal bedriigje. En dat antwurd moat wol jûn wurde, as wy soargje wolle dat de stadige delgong fan it Frysk as libbene omgongs- en kultuertaal wer ombûgd wurdt nei in opgong. Dat freget njonken maatregels dy't **útnoegjend** binne- sa as yn dizze noata- ek om maatregels dy't **ferplichtings** meibringe en dy't de **ekonomyske** en **juridyske** grûnslaggen fan ús taal tige fersterkje kinne. Soks past ek no't der in steatskommisje te set sil mei de taal yn de grûnwet. It moat no goed regele wurde.

Ien en oar betsjut dat it fergrutsjen en it fersterkjen fan de **ekonomyske** betsjutting en wearde fan ús taal mear **sintraal** stean moat yn it provinsjale taalbelied. Dat kin benammen troch it Frysk ta in *funksje-* en *beneamingseask* te meitsjen yn gâns wichtige maatskiplike domeinen. Dan wurdt de behearsking fan it Frysk ommers in wichtige ekonomyske faktor. En dêrmei de foarnaamste reden foar heiten en memmen om it Frysk yn de opfieding fan har bern net ôf te swarren, sa't dat hjoed de dei hieltiten faker it gefal is, mar krekt oer te dragen. It wiis op de provinsjale fluchhifking De Fryske Taalatlas fan 2007. Behearsking fan it Frysk moat wichtich wêze om letter yn belangrike maatskiplike domeinen yn Fryslân in baan te krijen: tink

oan it ûnderwiis, it bestjoer, it rjocht, de soarch en guon media.

In effektive fersterking fan de **ekonomyske** basis fan it Frysk sil net maklik gean as de **juridyske** grûnslaggen fan it Frysk net ferbettere wurde. In fierdere ferankering en fersterking fan de **wetlike posysje** fan it Frysk is dan in hurd betingst. Der sil wat dat oanbelanget folle mear **foech** nei de Provinsje moatte om oer sokke fûnemintele saken te kedizen. Oansetten fine wy wol yn fan 'Rjocht nei praktyk' , sa as: mear foech fan de provinsje oer de Fryske taal , yn it foarste plak it ûnderwiis. Wy tinke boppedat dat dêr no ek in **effektive organisaasjefoarm** by heart – troch ús oantsjut as 'Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer'.

Gebieten mei oare minderheidstalen binne ús wat de fersterking fan de *ekonomyske*, *juridyske* en *organisatoaryske* basis fan har taal oanbelanget, earder al foargien. Tink bygelyks oan Kataloanje yn Spanje as it grutste mindertallegebiet yn Europa mei inkelde miljoenen ynwenners , mar ek de Åland-eilannen yn Finlân mei 27.000 ynwenners, noch minder as dat Drachten hat. Dy regio's hawwe mei in **grut eigen foech** harren taal feilich steld en in goede takomst jûn. Soks kin ek yn Fryslân, as wy it echt wolle. As de Fryske polityk der iepen foar stiet. Want de delgong fan in taal is perfoarst **gjin natuerwet**, mar it gefolch fan de politike maatregels dy't yn de rin fan de tiid tige skealik west hawwe foar ús eigen taal of dy fan oare minderheidstalen. Wy hawwe dat yllustrearre mei in wiidweidich útwurke noate-apparaat dat oan de ein fan ús Oanfalsplan te finen is. Wy hoopje dus dat jimme dat part net oerslaan sille. Dat ynsjoch liedt derta dat de opgong fan it Frysk ek wer troch de polityk mooglik makke wurde moat. Dêr soene jimme jim as Fryske politisy sterk foar meitsje moatte. Net allinnich yn de tiid foàr 2010, mar benammen ek yn de tiid dêrnei. It is faaks noch net te let foar it Frysk, mar de tiid driuwt wol. Wy leverje jimme hjoed, neffens ús, inkelde wichtige boustiennen yn de hope dat dy goed achtslein wurde.

Ferline wike is jimme ús bydrage *digitaal* al tastjoerd. Wy hoopje mei dit plan in positive bydrage te leverjen oan de diskusje oer taal en taalbelied - net allinne yn de polityk - , mar ek yn de mienskip yn Fryslân. Dêrby ha wy de struktuer folge fan it Europeesk Hânfêst, omdat dit relevant is foar sa'n diskusje. Wy hoopje dat jimme der gebrûk fan meitsje sille. Wy hawwe ús stik koartwei de titel **Oanfalsplan** meijûn, in wurd dat prof. Salverda fan de Fryske Akademy al mear as ien kear brûkt hat. In Oanfalsplan om in belied fan ûngelikense taalferhâldings wer rjocht lûke te kinnen: doel is **lykweardigens en lykberjochtiging**. Oarssein: It Frysk en de Fryskpraters in takomst jaan.

Wy meitsje **hjoed** fan de gelegenheid gebrûk om de foarsitter in *papieren* eksimplaar oer te langjen. Wy hoopje dat it stik jimme foar de Steategearkomste fan 31 oktober noch ynspirearje sil. Mei alle wurdearring foar "Fan Rjocht nei Praktyk" misse wy dochs in mear **fûnemintele** fyzje op en passende maatregels foar de Fryske taal en kultuer op grûn fan in djipgeande analyze fan in kromwoeksen realiteit.

Tankewol.